



Kritenijs

Nijsbrief Krite Grou – desimber 2019

It bestjoer fan Krite Grou winsket elk noflikke krystdagen en alle goeds foar 2020 mei moaie kultuer tichtby hûs!

It jier 2020 stiet foar de doar en we hawwe alwer aardich wat foarstellingen achter de rêch yn dit rinnende Krite-seizoen. It is de tiid fan weromsjen en foarútsjen. Dat dogge we mei jim yn dizze healjierlikse nijsbrief. We binne drok oan de gong mei it omsjen nei oantreklike foarstellingen foar Grou yn it winterskoft 2020-2021. Ús ledetal giet stadichoan omheech en dêr binne we tige wiis mei. Finansjeel kinne we it wol brûke en we sjogge it ek as in teken fan wurdearring foar wat we Grou biede. Fan de measte leden ha we no in mailadres dêr't we dizze nijsbrief hinne stjoere kinne.

Weromblik op dit seizoen oant no ta



We begûnen ús kulturele jier op 20 septimber yn Oer 't Hout mei ús jiergearkomste. Nei it skoft wie op in grut skerm in opname fan de revu *Bylden fan de bruorren Halbertsma* út it jier 2000 te sjen.

Op 12 oktober fersoarge Tryater by Van Vuuren de oangripende foarstelling *Raze om protters*, oer de Doede, in jonge mei in licht ferstanlike beheining dy't him net begrepen fielt.



Foar de basisskoalle bern kaam yn de hjerstfakânsje wer it Hymphamp Jeugdtheater nei Grou. It wiene twa prachtige foarstellingen oer *Tante Jellebel*, mar we hiene hope op wat mear bern derby. Dêrta hiene we ek op de skoallen yn de omlizzende doarpen flyers ferspraat.

De man fan dyn libben wie de titel fan de tragikommeedzje dêr't Jan Arendz, Marijke Geertsma en gastspylster Anke Bijlsma op 25 oktober by Oostergoo mei op de planken stiene. In grut súkses oan de entûsjaste reaksjes fan it publyk yn de útferkochte seal te fernimmen.





Op 22 novimber brochten Leny Dijkstra en Hiske Oosterwijk mei harren begelieders Addy Scheele en Anke Piersma de sfearfolle foarstelling *Taal op it spoar* by Oostergoo oer it fuotljocht. De ferstoarne Grouster komponist Cees Bijlstra stie dêryn sintraal.

De seal wie moai beset, mar we hiene konkurrinsje fan Sjonge Jonge op dyselde jûn yn de Sint Pitertsjerke. Miskien tiid foar in agindaburo yn Grou om soks foar te kommen?

In boppeslach wie 15 desimber ús fernijde programma *RUG* (Rjochtstreeks Ut Grou) ûnder lieding fan Freark Smink. Dat koe fansels ek hast net oars mei de gasten Riemer van der Velde, Jos Thie en Douwe Visser. Yn in útferkocht Oostergoo koene we genietsje fan soppige ferhalen en nijsgjirrige anekdoates. In moaie ôfsluting fan 2019.



Foarútblik op wat dit seizoen noch komt

Kritetoaniel spilet *Eurohotel keamer 719*



It stik *Eurohotel keamer 719* is in bewurking fan *Plaza hotel suite 719* fan Neil Simon. It bestiet út twa ferhalen dy't beide spylje op deselde hotelkeamer. Yn it iene ferhaal giet it oer in stel dat 24 jier troud is en yn it oare giet it foaral oer in heit en mem fan in dochter dy't dy deis trouwe sil, mar har opsletten hat yn de badkeamer fan keamer 719.

De rezjy is yn hannen fan Wybe Koldijk en assistinte/ynstekster is Rolien Stapel. De seis spilers binne: Gertrude Ruhof, Aucke Bergsma, Jolijn de Boer, Herman Tichelaar, Hilda Dijkema en Ytzen Wassenaar.

Spile wurdt der op freed 17, sneon 18 en snein 19 jannewaris 2020.

Lokaasje: Restaurant Oan 't Wetter; tiid: freed en sneon 20.00 oere, snein 15.00 oere.

Leden: € 11,-; net-leden: € 13,50. Der binne noch kaarten, wês der gau by!

Grytz & Grize – Kofjekonsert

Grytz & Grize wurde hieltyd populêrder yn Fryslân. Op dit kofjekonsert sjonge Grytsje Melchers (Grytz) en Douwe van der Werff (Grize) eigen Frysktalige lieten foar ús en in tal Ingelsktalige covers. Ek krije we in pear nûmers fan it projekt 'Boudewijn de Groot yn it Frysk' te hearren. Boudewijn omskreau it nûmer *Moarntiid* earder as 'de beste bewerking van *Avond* die ik ken'.



Grytz en Grize wurde bystien troch fiolist Vincent van Dam en sellist Carel van Leeuwen. Kom op 15 maart 2020 nei it kofjekonsert yn it Theehuis. De romte is beheind, der binne noch in pear kaarten. Tiid: 11.00 oere, leden: € 10,-, net-leden: € 12,50.

Jeugdtoaniel Krite Grou - Twa fleurige ienakters



Foar it earst offisjeel yn it Kriteprogramma opnommen: in jûn fersoarge troch ús eigen jeugdtoaniel. Tsien fammen en trije jonges hawwe trije kear byelkoar west om ûnder lieding fan Jan Arendz en Marijke Geertsma te wurkjen oan harren aktearkeunsten. It wienen trije tige slagge jûnen! Alinda Talsma, dy't de ienakters regisseurje sil, wie der ek by en hat der al tige sin oan om mei de jeugd oan de slach te gean. Nei de krystfakânsje gean se los mei de repetysjes. Der is keazen foar 2 fleurige ienakters: *Fakânsje* en *Net foar de poes*.

Benijd hoe't Sinne, Emma, Wike, Sibrecht, Jildou B., Jildou H., Ilselyn, Fardau, Phileine, Marthe, Kees Jan, Jurre en Redmer it derôf bringe? Keapje dan alfêst in kaartsje en notearje sneon 28 maart yn jo agenda! Lokaasje: Oan 't Wetter; priis: 5 euro.

Foarútblik seizoen 2020-2021

We hawwe noch neat konkreet fêstlein foar takom seizoen, mar der hawwe har al ferskate mooglikheden oantsjinne. Sa komme Jan Arendz en Marijke Geertsma mei in nij programma, stean Freark Sminck en Klaasje Postma wer tegearre op de planken en komt ek Inez Timmer mei wat nijs. Karút genôch en as we it iens wurde kinne oer datum, priis en lokaasje, komt it grif klear. We geane derfan út dat it Kriteoaniel, de Kritejeugd en RUG wer op it programma stean en ek wolle we wer wat foar de bern organisearje.

We hâlde jim op de hichte. Foar no nochris de bêste winsken foar 2020 en graach oant sjen op ien fan ús Kritefoarstellingen!

Bestjoer Krite Grou

